


KRYPTOGRAM 273a



Horizontaal

- 1 De krêftboarne fan it efterste geskut (7)
- 5 Servicekanon yn de oaljehaven (11)
- 6 Hiele protten stean foar harren leauwe (12)
- 7 Groep dy't de Earste Keamer bespilet (11)
- 10 Net echt in artistike proteze (10)
- 15 Fruchtbere betsjining fan in fermoeden (6)
- 18 Skildersmodel dat goed naaie kin (12)
- 19 Smoarge bargedialekt (6)
- 20 Dik boekje om better fan te wurden (7)
- 21 Benimt it sicht op it parlemint (11)
- 22 De kleur fan in roek (4)
- 23 Kokkinne oan it hof (13)
- 25 Rychje fan wat in sykopracht oplevert op Netflix (9)
- 26 Graach earst in ingel, dan in hillige (6)
- 27 Foarmje in oanwizing dat der nochal wat karakter yn sit (6)

Fertikaal

- 1 Lûd dat oanjout dat der ien op it húske sit (9)
- 2 Dit giet oer de wyn en de ferpleatsing der fan (9)
- 3 Glêzewasker dy 't fan de kaart is (9)
- 4 Dêr 't Van Dale op wachtet (6)
- 5 In famyljelid tefolle (7)
- 8 Boek oer Dútske hûnen (12)
- 9 Wat eltse soldaat witte moat (11)
- 10 Grutte dressboy (5)
- 11 De bûtekant fan ien kleuter (8)
- 12 Is eat yn de bergen op it spoar (10)
- 13 Namme fan in hantfet (7)
- 14 Berteplak (11)
- 16 Rekkenskundich (9)
- 17 Ferhuljende klean oan board (10)
- 24 Hear fan Eelde (5)

As it kryptogram klear is, fine jo yn de hokjes: 9 - 18 - 4 - 3 - 25 in Fryske plaknamme. Mail dy namme nei denksport@lc.nl, ûnder fermelding fan **Kryptogram 273a**. Of skriu dy namme op in brievekaart en stjoer dy oan: Redaksje Ljouwerter Krante, postbus 394, 8901 BD Ljouwert, mei op de adreskant: **Kryptogram 273a**. De oplossing moat op syn lêst tongersdeitemoarn **31 decimber** by ús wêze. Under de ynstjoerders fan de goede oplossing wurdt in **boekjebon t.w.v. €15,-** ferlotte.



OPLOSSINGEN WIKE 49

Kryptogram 272a:

Plaknamme:
PEAZENS
Winner Boekebon:
Karst Anema, Stiens



20-12-2025